

Presintaasje Tsjinstboek diel II - 9 oktober 2010 - 2

Yn 2006 is in ploech oersetters oan it wurk gien om Tsjinstboek diel II fan de Protestanske Tsjerke yn Nederlân oer te setten. Dat kerwei is no klear.

Op sneon 9 oktober 2010 sil yn de Grutte Tsjerke te Ljouwert de Fryske oersetting fan Tsjinstboek diel II presintearre wurde. Yn dat Tsjinstboek stiet in ferskaat oan liturgysk materiaal foar allerhanne gelegenheden: doop, leafde en trou, befestiging fan amtsdraggers, útfeart en seinigingen by ferskate gelegenheden. Offurdigen fan tsjerkerieden en dûmny's kinne by de presintaasje op 9 oktober meiiens in eksemplaar fan it Tsjinstboek diel II meikrije.

De gearkomste begjint om 15.30 oere en duorret oant 17.00 oere.
De doarren binne om 15.00 oere iepen.

Nei ôfrin is der gelegenheid om it Tsjinstboek diel II ôf te heljen en ek noch oare útjeften fan de YKFE te besjen en/of te keapjen (Lieteboek fan de Tsjerken, CD fan it Lieteboek fan de Tsjerken, Tuskentiden, koarbondel en begeliedingsbondel by de Fryske tajefte fan Tuskentiden).